

ALG 17 april 2021

Oanwêzich: Ammerins Moss, Willem Verf, Pier Boorsma, Trevor Scarse, Paul van Dijk, Job Degenaar, Elisabeth Post, Pieter de Groot, Albert Schaafsma, Koos Tiemersma, Geart Tigchelaar, Ernst Bruinsma

1. Iepening om 10.00 oere
Ponghâlder André Looijenga kin der troch in ferstjerren yn de famylje net by wêze.
2. Ferslach foarige ALG
Wurdt goedkard.
3. Bestjoersmeidieling
RIXT hat ús frege om it Literêr Sirkwy, regelmjittige optredens fan dichters en skriuwers yn Fryslân, nij libben yn te blazen. Pier sil har freegje hoe't se dit yn de holle ha.
Transpoesie: it Skriuwersboun is oanmelden foar dit Europeeske barren en der is in parseberjocht de doar út dien om kandidaten te finen.
Lysbert Bonnema fan Tresoar *hat* ús frege om ideeën foar aktiviteiten om it wykein fan de Gysbert Japicxpriisútrikking ekstra oan te klaaien. As minsken dy ha, kin dat oan ús of Lysbert Bonnema trochjûn wurde.
4. Finansjele ferslaggen
Finansjele ferslaggen wat let binnen om't de boekhalder noch dwaande wie. Willem nimt de ferslaggen troch. Moatte noch troch de kaskommisje besjoen wurde. As dy akkoard is, dan is de gearkomste akkoard en binne de ferslaggen fêststeld. Sa net, dan komme de ferslaggen op de folgjende ALG werom.
5. Oanwizen kaskommisje
Simon Oosting en Syds Wiersma sille yn de kaskommisje.
6. Begrutting
Binne op syk nei administrative ûndersteuning lykas yn it ferline fan it Fryske Boek. Fierders *wol* it bestjoer graach in frijwilligersfergoeding ynstelle foar de bestjoersleden, om it gewicht fan de taken wer te jaan en dielnimmen yn it bestjoer te stimulearjen. Om dat te bekostigjen sille wy op syk nei in hegere subsydje en in ferheging fan de kontribúsje.
Elke oanwêzige is akkoard mei de kontribúsje-oanpassing.
Elke oanwêzige is akkoard mei it budzjetfoarstel
7. Rely Jorritsmapriis
Yn de krante fan 10 April 21 stie in stik dat de gemeente fan it Rely Jorritsmafûns ôf woe. As bestjoer ha wy in reaksje jûn; dat de gemeente har rol behâlde.
Pieter de Groot: it FLMD hat juster mei it gemeentebestjoer praat. De gemeente wie tige wiis mei it krantestik mar it is wol sa dat se har ferantwurdlikheid hâlde. It kolleezje bliuwt de kommende tiid yn it bestjoer.

8. City of Literature

Ernst Bruinsma nimt it wurd. Troch koroana koene de measte iepeningsaktiviteiten net trochgean. Der ha mar in pear aktiviteiten plak fine kinnen en der binne literêre keunstkaarten ferstjoerd foar de fiedselbank.

Op de planning stean ferskate kursussen foar de ûntjouwing fan skriuwers: it skriuwen sels en presintaasje-abilities. Dit jier wurde dielnimmers frege as pilot, by súkses kinne kommand jier minsken har sels oanmelde.

Ynternasjonaal: sille bûtenlânske skriuwers de mooglikheid oanbiede om yn Fryslân te wurkjen yn in residinsje. Dat soe mooglik yn it Gysbert Japicxhûs yn Boalsert plakfine. Yn ferbân mei koroana is it fansels dreech om bûtenlânske skriuwers út te nûgjen. Der is gearwurking mei Poetry International om mear Fryske dichters yn harren digitale argyf op te nimmen en sa ynternasjonaal oandacht jaan oan de Fryske poëzij.

Lêsbefoarding is sa'n breed begryp dat se frij foarsichtich begjinne mei in bylage by de LC. Al in soad om bern Fryske gedichten skriuwe te litten mar minder proaza, dat CoL wol graach dêr mear oandacht oan jaan: gruttere klam op romans en non-fiksje by de útwurking fan de Sustainable Development Goals fan Unesco.

Ammerins Moss: de lêsklup kin breder útmjitten wurde kinne want it is in leuk projekt.

Willem Verf: hoefolle entûsjasme is der foar Fryske boeken by de biblioteken?

Ernst: dat falt ôf, ja.

Willem: in punt om oer nei te tinken.

Ernst: wy wolle (in diel fan) it boekefeest folgjend jier wer op de tillefyzje ha, want dat waard dit jier goed besjoen. Wolle de skriuwers ek mear frijheid jaan yn har presintaasjes.

Ljouwert is CoL wurden fanwege ús literatuer yn in minderheidstaal, dat de fokus fan de aktiviteiten leit op de befoarding fan it Fryske skriuwen ek al is der ek wat romte foar de oare talen yn Fryslân. Minsken binne ek Frysktaliger as se doarre te wêzen, dat dy moatte stipe wurde om har yn it Frysk te uterjen.

Ynnovaasje is in sammelnamme foar in tal aktiviteiten. Projekten mei Tsead Bruinja, Ahilan Ratnamohan, Poezijroute Ljouwert. Komme ek banken mei literêre ynfolling mar dat is noch net konkreet.

Albert Schaafsma: Nei Henk Dillerop sil der dit jier wer in nije havendichter fan Ljouwert komme. Wat binne de mooglikheden foar stipe of aktiviteiten binnen CoL?

Ernst: CoL jout gjin subsydzje út mar siket wol de gearwurking mei steds- en doarpsdichters en dus ek havendichters om dy sichtberder te meitsjen.

Willem: wat binne de tariven foar optredens?

Ernst: foar wjerspegelingsgedichten en literêr optredens wurdt der 200 euro rekkene. Foar nij proazawurk kin dat heger útfalle. It copyright bliuwt altyd by de skriuwer/dichter. Giet om fair practice tariven.

City of Literature sil twa kear yn it jier mei it SKB om tafel en it SKB sit yn de klankboerdgroep yn de persoan fan Pier Boorsma. Wa't rjochtstreeks kontakt ha wol, kin it CoL maile/skilje ensfh.

9. Omfreegjen en sluting

Geart: graach net wer op sneontemoarn.

Willem: hooplik kinne wy yn de hjerst wer fysyk gearkomme en dan sil it op in jûn holden wurde.

De gearkomste wurdt sluten om 11.30 oere.